[0242] 5. *V. Heersma S.S.M.C.,* dy't in fers *Op het dockter mejtsen ven de trogwijse en trog studêre jong heer Bauke van Greven* (1718B) skriuwt yn de frentsjerter *Disputatio juridica inavgvralis, de utilitate innoxia* fan *Bavius a Greven,* is, as men even ôfsjocht fan de *V. (= Van?),* maklikernôch thús to bringen. Yn novimber 1718 wurdt *Johannes Heersma,* soan fan de twizeler doomny Johannes Heers(e)ma, doomny yn Twizel [1]) ; hy waerd doopt yn Twizel op 30 augustus 1695 (of 1696? *net* 1697, lykas Romein seit) [2]), waerd yn it frentsjerter matrikel ynskreaun op 16 sept. 1715, en troude op snein 30 maert 1732 mei Anna Maria Bekker, dochter fan ds. Johannes Henricus Bekker to Jelsum en bernsbern fan Balthasar Bekker [3]) (Har soan, doopt 14 jann. 1734, komt dan ek *Balthazer Bekker (van Heersma)* to hiten[2])). Johannes Heersma forstoar op 1 april 1743 [1]).

Mar hwa is de *Jan Jans Soon,* dy't it noch net yn in Estrik útjowne fers *Oon dy trogwijse en djiep studêre jong feynt Jurjen Abbrjng* (1718E) skreaun hat yn de frentsjerter dissertaesje fan *Georgius Abbring: Exegesis loci δυσνοήτου Jud. vers. 9. coll. Zach. III.2*? Nei myn bitinken ek Johannes Heersma. De namme *Jan Jans Soon* is mei dy ûnderstelling net yn striid, mar biwiist op himsels noch neat. *My tinkt ik ken 't wol sjén, dyn Heyte jitte best* seit de dichter, en dat *soe* derop wize kinne, dat de dichter ek de heit fan Georgias Abbring wol kend hat. Dat soe hiel wol yn 'e reden lizze foar de twizeler Johannes Heersma: ds. Sicco Abbring, de heit fan Georgius, hat nammentlik fan 1694 ont 1712

1) Romein, Naamlijst, p. 521.
2) Twizeler doopboek 1678-1761.
3) Wumkes, Paden I, s. 412-413; Paden IV, s. 311 ff.

yn Visvliet stien [1]). De fordigening fan Abbring syn forhanneling is op 5 maert 1718, dus noch foar de promoasje fan Bavius a Greven op 6 july 1718. Faeks dat Heersma yn maert noch studint en gjin S.S.M.C. is; yn alle gefallen is it fers oan Georgius Abbring skreaun noch foar Heersma syn yntré yn Twizel yn novimber 1718, en nei alle gedachten noch yn syn „frentsjerter tiid". Ont safier de uterlike faktoaren dy't net tsjin it auteurskip fan Johannes Heersma pleitsje.

Foar dat auteurskip pleitet hiel dúdlik de oerienkomst fan fers 1718B oan Bavius a Greven, en fers 1718E oan Georgius Abbring. Yn de titels fan beide fersen stiet: *Trogwijse;* yn 1718B folget derop: *en trog Studêre Jong Heer* en yn 1718E *en Djiep Studêre Jong Feynt.* De hanneling fan beide fersen is deselde: de *ik*-persoan is in man út it gewoane folk („mar ien boere soon" stiet der yn 1718E), dy't him deroer fornuveret, hwer't al dat folk hinne sil. Hy giet ek mei deryn en sjocht de fordigeningshanneling oan: de tsjinstanners fan de *Dockter* (= Bavius a Greven) of fan *Jurjen (*= Georgius Abbring) kinne it lang net hâlde: *Sa DOCKTER war dy nu, en lit de flag ris waeije* (1718B), *Sa! JURJEN dat giet goe: wa ken tzin dy bestieen* (1718E) en: *Nu Feynten nu nei houes, want wa ken him 't sisse?* (1718B), *Nu sjoegse oppe noos: ei! lit de feynten rinne* (1718E), en oan de ein fan it fers in selde soart bislút: *Het ken sa heel wol gæen mijn penne is æk nu leeg* (1718B) en *'k Schié mei myn rymjen uit en wensche dy genacht* (1718E, yn 1718B wie yn de foarlêste rigel konstatearre: *de Sinne is æk net heeg).* Beide fersen binne skreaun yn aleksandrinen mei it rymskema *aabb.*

Foar in staveringsforliking is it materiael – 1718B hat 26 rigels en 1718E 22 - fansels net oerdiedich; mar ek de stavering wiist dochs yn de rjochting fan deselde dichter. De staveringsforskillen, lykas *bin* (1718B) - *ben* (1718E), *riougt, riugt* (1718B) - *rieugt* (1718E), kinne winliken allegearre wol forklearre wurde as staveringsfarianten by deselde skriuwer: ek yn 1718B skriuwt Heersma net alle wurden hieltyd op deselde wize. Dat der, njonken it boppe oanhelle *Studêre* yn beide teksten, safolle mear tekens steane boppe de letters yn 1718E *(sjên, schólle, Piél, háád, éeren, déar, Schié)* as yn 1718B, kin him hiel maklik oan de printer lizze, en yn 1718E fine wy dochs ek: *hônne* en *dwááàn.* Mienskiplike trekken yn beide fersen binne fierder: *æk,* de *æe* yn wurden lykas *græet, sæeg, hæep,* en noch gâns oare minder opfallende oerienkomsten, dy't alles meiinoar it staveringsbyld wakkere gelyk meitsje. Tipysk is ek, dat yn beide fersen guon wurden, mids de swartkoppen, der't it gehiel yn ôfprinte is, yn antiqua steane; yn 1718B: *flag, waeije, kraeije* en *Feynten,* yn 1718E: *roppen, preekjen, kattje venne baan* en *master.*

Op al dizze grounen is it, tinkt my, net to dryst en sjoch ek yn *Jan Jans Soon Johannes Heersma.*

1) H.H. Brucherus, Gedenkboek van Stad en Lande (Groningen 1792), p. 201.